

Bitinkingsdei

fers,

foarlêzen op de joune det it

50-jierrich bestean

fen de

Griffermearde Tsjerke fen Nijewier

bitocht waerd

fen

A. M. Wybenga.

20 Oktober 1942

BITINKINGSDEI.

Bitinkingsdei! nou komme
Se yn rigen allegear,
Dy bielden fen 't forline
Yn heldre kleuren wer.
Nou komt wer foar ús eagen
Us âld en goed Nijewier,
Allyk it reilde en seilde
Nês mear den fyftich jier.
En ek it tsjerklik libben
Komt nou wer op ús ta:
Wy fiele yn 't nije tiidrek
Wer 't âlde ho en sa.

Der wier yn d'âlde tsjerke
For 't fromme folk gjin plak,
Dos moasten hja wol sykje
Oars om in ûnderdak;
Hja moasten oare spizen
Nei de âlde leare ha:
Sa gyngen de Nijewiersters
To toet nei Ljussens ta.
Nei Ljussens! Wier 't ús mem net?
Hie Veenstra dêr net stien?
Hie Eising dêr net wirke,
En rjuchte reden dien?

'k Wit noch, mei heit en mem haw
Ik ek de reis ris dien;
'k Wier noch sa'n lytse beuker,
Mûlk fen in jier ef tsien.
As sjuch ik âlde Seegers
Noch op 'e preekstoel stean:
Hwet bońkich om 'e holle,
Ienfâldich yn 'e klean.
'k Wit fen hwet hy bipreke
Fensels neat mear, gjin sier —
Wol sjuch 'k noch syn kalotsje
En 't tinne, grize hier.

Hwet wier 't op de weromreis
Een moaije simmerdei:
De heldre sinne skynde
Ljocht oer de Saunewei.
Wy gyngen oer de Griente;
Do namen wy de swaai
Oer 't Nijewierster Kleaster
En sa oer Slap-en-taei.

Wy gyngen by de feart lâns
It wetter wier sa klear:
Wy seagen oan de boòm ta!
— Tominsten min ef mear. —
Der swommen greate fisken
Yn 't heldre wetter lâns;
Ik woe wol graech ien pakke,
Mar krige net in kâns.
Mar oars: hwet wier 't in tippel,
Ik rekke gnep ynein:
Sok fottljen for sa'n jonge!
It foel net ta op Snein.

Do't wy nei skoalle gyngen,
— Det 'k noait forjitte scil —,
Do stie op dit sté steatlik
In great âld boerespil.
It hiem laei tsjin de wei oan,
In apelhôf wier foar,
Twa greate stiennen laeijen
Flak by de efterdoar;
Dêr 't ik nou stean to lêzen,
— It heart in bytsje mâl —
Wier do de hinnematte
Deun by de hynstestâl.
Sa wier hjir ek it bûthús
En kôgen hjir de kij;
En ek de skûrre en 't terskhús
En pompstâl wier hjir by.

'k Sei pas: by 't spil bihearde
In apelhôf sa skoan:
Hwet ha 'k forskate apels
Ut dizze tune hawn!

Nou scille jim wol tinke:
„Dy stiel er! det is wis!”
Mar den kin 'k jim fortelle:
Det 's fier de planke mis,
Ik haw se earlik krige!
Hwent sjuch, it siet sjêsa:
Wy gyngen mei ús fjouwren
Moarns nei de skoalle ta;
Twa jonges en twa famkes!
Bigripe jim de saek?
It iene famke foerre
De jonges mar omraek,
Det iene famke hie hjir
Op d' âlde pleats hjar thús;
Ik kin dos earlik sizze:
It saekje wier wol plús!

De blide dagen gyngen
En 't waerd hjir boelgûdsdei;
En alle skoallejonges
Mar wakkre bras dêr mei:
In koekdis en in hakblok
In rêd fen aventûr;
Mar nêt in fleurge Master,
Dy seach mar stûf en sûr:
Dy hie as peadagooch it
Neat op sa'n boelgûd stean,
En om dêr by to bliuwen
Hie hy ús strang forbean.
Mar wy — it wier sa prachtich! —
Forgeaten ûre en tiid,
Dochs, letter kaem de neiklap;
Dy stimde net sa bliid!
De skûltsjezetters krigen
In leksum, net sa swiet:
Strafrigels wier it boadskip,
Neibliuwe 't ein fen 't liet.

En 't fanke fen dy apels
Gyng dêr to wenjen wei,
En noait haw ik hjar wersjoen!
— Sa nimt yen 't libben mei. —

It boerespil det 'k neamde
Waerd do yn twaën spâlt
En Harrem fen de Slypstien
Foun yn it lytshús hâld;
En âlde Piter Hitsjes
In foerman nei de trant,
— Hwet hier 'r in nidich brúnstje! —
Biwenne dizze kant.

Sa hat hjir inkle jierren
It spil noch foartbistean;
En do binn' skûrre en lytshús
De wei fen alles gien.

Jim kenne dizze tsjerke,
Mar ek ús âld lokael;
Det hat in eigne skiednis
En sprekt syn eigen tael,
't Hat sont de tachtger jierren
Hjir yn syn ienfâld stien. —
Hwet binn' der al in foetten
Nei 't âld lokaeltsje gien! —
De wierheidsfrjeonen leine
Hjir helder de earste stien,
Dy hat, ek sûnder namme
Wol skoan fortuten dien,
De „jongelingen” kamen
Hjir ta hjar learing gear,
Hjir hie men bibellêzings
En sokke dingen mear.

Lykwols, al brocht it rêdding
In foech bihelpen wier 't:
„Der moat in tsjerke kommen
En mei in tsjerkeried,”
Dy tael waerd faek fornommen,
En einlings kaem de died.
Dy tael, tael fen 't gelove,
Foel by it folk der yn:
In tsjerkeried waerd stommen
Nou fyftich jier forlyn.

Sa'n fyftich hús gesinnen
Gyngen by Ljussens wei
En ek noch tsien gesinnen
Joech Mitselwier ús mei.

Der kaem noch mear foroarin:
In tsjerke krigen wy,
En, noch in jierke letter,
Ek noch in pasterij.
It boerespil wier slope:
Dy saek wier ek sa âld,
Men foun op 't selde sté nou
Yn 't nije Godshús hâld.

Do seagen w' om in Dúmny
Yn boun mei Mitselwier;
Wy seagen om ús hinne,
Hwet nei en ek hwet fier;
Wy seagen en wy sochten
En joegen gjin bilies,
Sa waerd hjir d' earste Pastor:
Catrinus W. de Vries.
'k Sjuch nòch nei tsjerke reizgjen:
Lou Haeijes Minnema,
Klaes Vlasma, d'earste Preases,
En Sibe Meindertsma,
Baes Ype, dy't hjir smid wier
In mantsje gnep en klear, —
En dizze fjouwer kamen
As tsjerkeried hjir gear.
Den hiene jy Jan Danjels

Dy 't mei de snikke fear
Jan Gearts in krûme âld wrotter
En sokke mannen mear,
Ek Sikke, baes fen Bueren
Dy't sa'n lyts mantsje wier
En ek mar 'n hiel lyts wyfke
As hâld yn 't libben hie.
Den hien' jy Tsjisse Bouwes
Dy't d'alderearste wier
Dy't hjir yn tsjerke troude
En mei syn Liuwkje gie;
Den wier dêr Douwe Jaspers
Mei namme Minnema;
Ek Siger Kloastra's Ymkje
Mei 'k yn 't bitinken ha;
Hwent 't goedlik âlde minske,
— Hwet ha 'k se skoan noch kend! —
Forkofte blauwe prûmen,
'k Leau, fjouwer for in sint.

Ek kaem hjir wolris ien dy 't
Net fen de tsjerke wier:
Dêr hiene jy Piere Antsje
En ek hjar âlde Pier;
— 'k Neam Antsje mar it earste
Om't Antsje d'earste ek wier —
It minske droech in tipdoek
Mei 'n puntsje, rjucht en sljucht,
Sa lyk men 't ek tsjintwirdich
By jongefammen sjucht.
Wy merke it: âlde tiden,
Dy komme wol werom
En dêrom: âld' Piere Antsje
Wier dochs noch net sa dom,
Pier stromple troch de bûren
— Hy wier hwet lomp en stomp, —
Oan de iene foet in toffel,
Oan de oare foet in klomp.
Hy wier it bield fen hjarren
Dy't sûnder folle striid
Nei beide tsjerken teagen;
Hwent och, sa wier de tiid!
Hwet letter kaem de skieding:
Elk wit syn doel nou skoan,
Hat Griffemearde toffels
Ef Synodale klompen oan.

Wy krigen dos in dûmny,
Fiif jier hat hy hjir stien,
Hy 's yn Desimber kommen
En yn Desimber ghen.
Hie hy forstân fen preekjen?
Det wit ik net sasear,
Mar hy koe frageleare
Det wit ik noch wol klear.
En do't er foartgong joech er
Ta ôfskie op ús wei
Us Paulus' ôfskiedswirden
Oan de Efêsen mei.

Do't Veltman op birop kaem,
Dêr wit ik dit noch fen:
Hy preke oer d' inge poarte
En hie 't ek oer Bunyan.
Ja Veltman! Fyftjin jier hat
Hy hjir as Dûmny stien
En hy waerd hiel bysûnder
Mei ús Nijwiersters ien.
Hwent sjuch, hy wier noch feint do't
Hy yn ús doarpke kaem,
En d'eagen liet er falle
Op in Nijwierster faem,
En 't joech in bliid forienjen
Lyk as 't wol faker jowt,
Sa is yn dizze tsjerke
Alris in Dûmny troude.
In goede takomst wonk him
Sa helder en sa blier:
Ta fjouwer kearen kaem dêr
De widze oer de flier;
Sa brocht it libben drokten
Mar faek ek soargen mei
Hwent God, Dy't joech, naem ek wer
In twatal berntsjes wei.
— God nimt op tiid syn skatten
Al bin se ús nôch sa djûr —,
Hja lizze hjir bigroeven
Deun by ús âlde toer.
En hied er lett'r yn Tsjom ek
En Zevenhuzen tier
Dochs gyngen fêst syn tinzen
Noch faek nei Nijewier.

Trêds kaem hjir van der Meulen
In Dokk'mer fen komou
Hy hat it koartst hjir tsjinne,
Forliet ús ridlik gau.

Hja binne alle trije
Nou net op ierde mear:
Hja priizje sûnder sûnde
Nou heech hjar God en Hear.

De fjirde dy't wy hiene
Wier Dûmny Beukema
Acht jier hat hy hjir tsjinne
Gyng do nei Sêlân ta.

En nou ha wy de fyfte,
Dy kaem hjir fen Sumar,
Yn toalve jierren wenden
Wy aerdich oan elkoar.

De dûmny's dy't hjir stiene,
Mei segen wirken sy:
God foege ta ús tsjerke
Wer hieltid oaren by;
Sa stiene hjir de frommen
For 't âld gelove pal,

Sa wounen ús gemeinten
Fêst oan yn macht en tal.
Mar sjuch, ús tsjerken waerden
To lyts for alle man:
Oar bouwe waerd it boadskip;
It moast, . . . en 't kaem der fen.
't Wier sa al ûnder Veltman
't Foroare do al skoan.
En ûnder Van der Meulen
Kaem wer in ein der oan.
De preekstoel en it hokje,
Hja moasten fen 'e wand;
De ein wier oars hjar plakje
Nou stean' se oan dizze kant.

Biersteker, nou ús dûmny
Dy brocht it ek sa fier:
Al wer to lyts ús tsjerke;
Nôch greater it biswier!
Wy moasten wer forgreatsje
It gyng der fêst op ta
Wy rekk'nen en wy tochten:
Ho moat it: sâ ef sâ?
In nij ein der oan bouwe?
Det giet foarfêst wol oer!
En ek: it kostet sinten
En sinten binne djûr.
In kreaake waerd ús útkomst,
En och, hwet foel det ta:
Wy witte nou bepaeld net
Hwet wille det wy ha.
En 't stiet ek folle better:
Det lange, keale ein
Is moaijer woân en folder;
Us tsjerk' is mear folslein!

Sa waerd er trijris greater,
't ienfâldige gebou,
Sprekt ús fen ginst en segen
En fen Gods greate trou.
Sa is ús tsjerk' in bield fen
De Godsfrucht en de tier,
Mar past ek yn syn ienfâld
Krekt by ús Nijewier.
Elk doarpke hat nou ienmu!
Syn eigen echt kasjet;
En by in plak as uzes
Past ek útwriidskens net.

Hofolle preken binn' der
Al yn ús tsjerke dien?
Hofolle dûmnys hawwe
Yn dizze preekstoel stien?
Hofolle minsken hawwe
Hjir al it Wird forstien?
Hofolle sinten binne
Hjir yn de pongen dien?
Hofolle psalmen hawwe
Hjir klonken ta Gods ear?
Hofaek wier 't bid- ef tankdei?
Ja, freegje sa mar mear!

Ien ding: wy witte, ús tsjerke
Skynd' as in fakkel klear;
Hjir waerd aloan forkundge
De Griffermearde lear,
En 't Griffermearde libben
Foun hjir syn hâld en tier,
En 't Griffermearde biliden
Joech 't froede folk syn sier.

O né, 't wier allegearre
Gjin gouden gloed dy't blonk,
Der smeulde wol 's in fjúrke
Det frijhwet walm' en stonk.
Wy tsierden wo! 's in bytsje
Om dingen faeks fen neat:
It sop de koal net wirdich
Det hat de tiid ús leard.
Hwent d' iene wier fen Kuper
En de oare fen de Cock,
Det joech soms gâns gekeakel
Yn 't tsjerklik hinnehok.
En d' iene sette de oare
Ek wolris op 'e fyts;
Det kin ús dúd'lik leare
De minsken binne lyts,
Mar God is great allinne! — —
En broerreherten brocht
Hy dochs op 't lêst wer bynoar
Yn 't Evangeeljeljocht.

Sa hat de tiid dy't gien is
For ús syn eigen spraek,
En wiist er oan de Christen
Syn ropping en syn taek.
Wy hoopje, 't mei sa bliuwe
De fierd're tiden lâns,
En 't âld gelove mei hjir
Noch skitt'rij' yn súvre glâns.
Mei noait it goud fordûn'rje,
Yn nacht toneate gean,
Mar 't ivich Wird mei flûnk'rje
Ek yn ús doarpsbistean.

Nijewier, Oktober 1942.

A. M. WYBENGA.